




- [Begin pagina](#)
- [English page](#)
- [Engelum](#)
- [Geschiedenis](#)
- [Dorpsfoto's](#)
- [Kerkklokken](#)
- [Bewoners](#)
- [Dorpsbelang](#)
- [AED info](#)
- [Verenigingen](#)
- [Jeugdclub](#)
- [De oude doos](#)
- [Woningaanbod](#)
- [Sponsors](#)
- [K.v.Sla Raak](#)
- [Museum](#)
- [Fietsroute](#)
- [Links](#)
- [Archief](#)
- [Redactie](#)
- [E-mail](#)
- [Gastenboek](#)

Berneboekeskriuwster Auck Peanstra

wint de Sulveren Spjelde mei it boek 'Kantsje board op Kurasao'

Klik hier voor de
Nederlandse versie



(Boarne foto: site Auck Peanstra)

Yn 2012 ha hûnderten skoalbern yn Fryslân meidien oan de Berneboekesjuery. Dit jier koenen sy it moaiste boek kieze út in searje fan 5, útjûn troch de Afûk. Reden foar engelum.com om op besite te gean by dizze ferneamde skriuwster út Bitgummole.

Auck docht de doar iepen en ropt my in waarm wolkom ta as ik oer de (dochs echt wol hege) drompel nei binnen stroffelje. "Soa, do giest der plat foar!", seit Auck. De toan is setten en de sfear ûntspannen.



Auck, mei it winnende boek. (Boarne: Omrop Fryslân)

Oan de keukentafel fertelt Auck dat sy no al sûnt de jierren 90 op It String wennet. Wilens is it in rêstige buert wêrfan't de bern al grut binne en eins allinne bestimmingsferkear del komt. Se fertelt dat se de oanwêzichheid fan jongere bern wol mist. Har eigen bern binne grut en se jout gjin les mear oan de Martenaskoalle yn Bitgummole. Se mist hjirtroch dochs in direkte ynspiraasjeboarne wat anekdoates foar it skriuwen fan har berneboeken oanbelanget: wat bern útheve, fertelle en meimeitsje.

Hoe 't Auck mei it skriuwen begûn is

It skriuwen is oait begûn mei in opdracht foar biology, om in wurkstik yn te lieden mei in gedicht t. "In draak fan in gedicht oer natuerbehâld", seit Auck laitsjend. Doe al fernaam Auck dat it skriuwen yn it Nederlânsk foar it gefoel net goed paste en se har yn it Frysk better útdrukke koe en dêrmei tichter by harsels bliuwe koe. Mar dit wie wol it begjin fan it sammelen fan eigen gedichten yn in skrift. Se hie it lef om nei de konservator fan it Frysk Letterkundich museum Freark Dam ta te gean en him te freegjen wat hy fan har fersen fûn. Hy beseach it boekje en sei: "In unyk dokumint. Jo moatte it skrift goed bewarje en foaral trochgean mei it skriuwen." Auck is der noait hielendal achter kommen wat hy werkelijk fan de gedichten fûn, mar folle belangriker wie, dat hy har wol ynspirearre om troch te gean mei it skriuwen. Yn dy tiid hat Auck ek gedichten ynstjoerd foar de 'Lyrische Courant', foar elk opnommen fers krige se 25 gûne.

Fernuvering

as de stoarm
troch myn libben jaget
en alle hope
wer ta jiske faget
komt der altyd wer in moarn
dy't my ta striden twingt
en de moed
as in sinne
oan de kime blinkt

Auck Peanstra
19-1-1976

Ien fan Auck har earste gedichten


(Boarne: út Auck har “*unyk dokumint*”)

By har oplieding foar beukerliedster waard Auck stimulearre om lietsjes en toanielstikjes te skriuwen. Auck krige wurk oan beukerskoalle ‘Jong Martena’ yn Bitgummole - letter oergien yn de Martenaskoalle - en kaam yn dy perioade net ta oan skriuwen. Doe’t har bern letter nei skoalle giene, hat se meidien oan in printeboekewedstryd fan de Afûk. “Dat waard neat”, seit Auck. Dêrnei is in ferhaal mei ‘nacht’ as tema wol útkeazen foar in ferhalebondel. Auck hat gjin spesifike oplieding folge foar it fak as skriuwster. Wol hat se sels altyd in hiele soad lêzen.

Ynspiraasje en kwaliteiten om te skriuwen

Wylst sitte we gesellich oan de tee. Auck fertelt dat de ynspiraasje foar har earste boek ‘Melle moat in bril ha’ foar in part komt út har eigen ûnderfining en gefoelens, fan doe’t se as famke fan 6 foar it earst nei skoalle gie. Doe kamen se derachter dat se hiel folle dingen net goed sjen koe en dus in bril nedich hie. Auck fertelt dat sy by it hearren fan in ûnderwerp al gauw assosjaasjes en fantasijen yn har holle hat. En ja... hiel klisjee, se hat dêrom ek in skriuwblokje en in pinne op it nachtkastke lizzen.


“Foar it skriuwen fan in berneboek moatte je witte hoe’t je bern fêsthâlde kinne en wêr’t se yn ynteressearre binne”, aldus Auck. Se brûkt dan ek har eigen oantinkens oan it bern yn harsels, en libbet har yn hoe’t in bern him fielt.



De ynspiraasje foar it boek ‘Alles foar in sint’ hat it eardere slot Groot Terhorne yn It Bosk fan Bitgum west. Foar dit boek hat Auck har twadde Sulveren Spjelde wûn.

Boarne foto: site Auck Peanstra


Dêrneist is de keunst fan it skriuwen om de lêzer in byld kreëarje te litten, dus moatte jo wol sfear beskriuwe kinne en in fisueel byld sketse kinne om de lêzer meinimme te kinnen. Mar de keunst fan it weilitten, wêrtroch’t de lêzer syn eigen byld betinke kin, is noch grutter. Hjir moat dus in beskate balâns wêze. Auck fertelt mei passy, dat se by it skriuwen ek hielendal yn de eigen wrâld fan it ferhaal rekket en it ferhaal as in film foar har eagen him ôfspyljen sjocht. It is foar har as skriuwster betiden lestich om it meitsjen fan yllustraasjes by it boek oan oaren oer te litten. Omdat Auck der sels al in hiel dúdlike foarstelling fan hat, en de yllustraasjes dan soms net hielendal mear oerienkomme mei har eigen byld.



Auck har earste boek, ynspirearre troch har eigen ûnderfinings as bern met it dragen fan in bril.

Boarne foto: site Auck Peanstra

By it skriuwen fan har earste boek ‘Melle moat in Bril ha’ hat Auck folle leard fan Bouke Oldenhof, dy’t tips jûn hat. Dêrnjonken wurde de boeken altyd earst lêzen troch in lêskommisje fan de útjouwer. Dizze jout altyd ‘feedback’ en opbouwende krityk. “Do kinst der foar kieze om eigenwiis te wêzen en it dochs op dyn eigen wize te dwaan of fan de krityk profitearje en it boek der better fan meitsje”, seit Auck op dat momint laitsjend. Dat dit net altyd maklik is, hat Auck û.o. mei har earste boek ûnderfûn. Dit bestie, njonken de aventoeren fan Melle, earst út meardere ferhalen. De útjouwer wie allinne ynteressearre yn de ferhalen oer Melle, de oare moasten derút. Mar dy binne letter wer brûkt yn it boek ‘Fertelle fan Jelle’. Sa gie it ek mei har boek ‘Sitebuorren myn eigen paradys’ dat oer Auck har eigen ûnderfinings yn har jeugd giet. De ferhalen fan har broers binne op advys fan de útjouwer úteinlik net yn it boek opnommen, omdat dit te folle ôfwykte fan Auck har eigen ferhaal. Auck moat tajaan dat se dit hiel lestich fûn. Mar de ferhalen sitte noch altyd yn de kompjûter en wa wit yn de takomst, dochs nochris foar it publyk te lêzen.



It boek ‘Sitebuorren myn eigen paradys’ giet oer Auck har eigen ûnderfinings yn har jeugd.


(Boarne foto: site Auck Peanstra)

Auck skriuwt mei Anny de Jong en Jan Schotanus de searje ‘De Traveliers’. Elk fan harren skriuwt in ferhaal, dy’t dan troch de oare beide skriuwers bekritysearre wurdt. Dêrby sparje se elkoar net. “We binne rjocht foar de raap. Mar we kinne elkoar al in skoft dat it is fertroud”, seit se.

Oer de searje ‘De Traveliers’

De fiif titels dy’t ûnderdiel útmeitsje fan de searje binne:

‘Fûgelfrij yn de Canyon’ fan Jan Schotanus. Fan Anny de Jong is ferskynd: ‘In flitsend hûntsje’ en ‘Yslik aktyf’. En ‘It goud fan de Aborigines’ en ‘Kantsje board op Kurasao’ fan Auck Peanstra.



(Boarne foto: site Auck Peanstra)

De famylje Travelier bestiet út: heit, dy't geolooch is en dêrtroch komt de hiele húshâlding hieltyd op frjemde plakken telâne, wêr't sy allegear spannende en soms sels gefaarlike aventoeren belibje. De mem wurket yn it ûnderwiis. De âlden ha twa bern: Hidde en Fardau.

Het bysûndere aan dizze searje is, dat dizze troch trije ferskillende skriuwers skreaun wurdt. Eltse skriuwer hat fansels syn eigen skriuwstyl. De karakters fan de persoanen út it gesin binne dêrom oant yn detail útwurke, sadat eltse skriuwer dit as liedraam brûke kin. Sa bliuwe de karakters werkenber foar de lêzer yn de ferskillende dielen fan de searje. Eltse skriuwer hat syn eigen ynteresses en kin him better mei it iene of it oare karakter fan de haadpersoanen identifisearje. Hjirtroch ha alle dielen in oare ynfalshoeke fan wêr't út skreaun wurdt. "De minsken dy't ús kenne, soene, sûnder te witten wat it skreaun hat, dêrtroch de skriuwer werkenne kinne yn it boek," neffens Auck. It is dêrom in hiele keunst om it yn de ferskillende dielen wol itselde gesin wêze te litten.




Wa wint de Sulveren Spjelde fan de Berneboekesjuery 2012? Wurdt it Auck Peanstra, Jan Schotanus of Anny de Jong?

(Boarne foto: Omrop Fryslân)

Oer it winnende boek

Yn it ferhaal 'Kantsje board op Kurasao', hat de mem fan dizze húshâlding mei it winnen fan in slachsin, in reis nei Kurasao wûn.



(Boarne foto: site Auck Peanstra)

De ynspiraasje foar it boek 'Kantsjeboard op Kurasao' hat Auck krigen doe't sy mei de Tomkewurkgroep op Kurasao útnoege waard om it Tomkeboekje te oerhandigen oan de bern dêr. It Tomkeboekje wie oerset yn it Papiamentû en yn it Nederlânsk. It ferbliuw yn it hotel, de reizen oer it eilân, ferskillende Kurasaoske gewoanten mei te belibjen en in opname foar de pleatslike televyzje, hat by Auck prachtige bylden, ûnderfinings en gefoelens achter litten. De rit by de swier bewekke finzenis lâns en de ûnfeilige buerten op it eilân, ha foar Auck ynspiraasje west om de personaazjes Fardau en Hidde in aventoer belibje te litten yn it teken fan drugs en ûntfiering.

Het skriuwen fan dit spannende boek gie frij maklik. Auck hie ommers prachtige bylden en ûnderfinings troch har reis op Kurasao. It ienige wat lestich wie, wie om it logysk lykje te litten wêrom't Hidde en Fardau altyd mar dat pûdsje mei drugs by harren holden en it net gewoan fuortsmieten. En dêrmei ek fan alle spannende aventoeren ferlost west hiene en ûntfiering foarkomme kind hiene. Dit hat Auck op in kreative wize hieltyd wer op witte te lossen.



'De Sulveren Spjelde' De Fryske Berneboekesjuery is bedoeld om it lêzen in de Fryske taal te befoarderjen.

(Boarne foto: Auck Peanstra)

Auck neamt neidrukkelik: "Ik ha de priis dan wol wûn, mar we ha it mei-elkoar dien! Wêr't ik, Jan en Anny foaral bliid mei binne, is dat mei it winnen fan dizze priis, der foaral mear oandacht is foar it lêzen fan boeken troch de bern yn de boppebou." Dit is Auck har tredde Sulveren Spjelde. De earste hat se krigen foar it boek 'Yn piama de dyk oer' en de twadde foar it boek 'Alles foar in sint'. "Foar elk fan myn bern ien", seit Auck mei grutskens en waarmte.



It earste winnende boek fan de Sulveren Spjelde fan Auck, 'Yn piama de dyk oer'.

(Boarne foto: site fan Auck Peanstra.

Op de fraach oft der al in seisde diel fan de Traveliers yn de pinne sit, antwurdet Auck befêstigjend. Anny de Jong wurket oan it seisde diel en dit kin alle dagen ferskine. Dit aventoer sil him ôfspylje yn in soarte fan 'niemandslân'; in grinsgebiet tusken Finlân en Ruslân. Anny is helendal gek van slidehûnen, wat ek werom te finen is yn it ferhaal.

Dus, elk boek, fertelt ek wat oer de skriuwer...

Auck schrijft zoals u ziet in het Fries, en ze wil de Friese taal ook graag promoten. Maar voor diegene die hier echt niks van snappen hebben we ook nog een Nederlandse versie. Klik op de vlag.



[<<Werom](#)

